Provinsje Fryslân

PROVINCIAAL BLAD

Officiële uitgave van de provincie Fryslân

Nr. 19682

19 november 2026

Beliedsregel provinsjale prizen en beneaming provinsje Fryslân 2026

Deputearre Steaten fan Fryslân,

mei it each op de Feroardering provinsjale prizen en beneaming provinsje Fryslân 2026 yn har omgean littend dat prizen takend wurde om kultuer, muzyk, literatuer, sport en wittenskip te stimulearjen en it fakgebiet út te dragen en in beneaming dien wurdt om Frysktalige poëzij te stimulearjen,

beslute

de Beliedsregel provinsjale prizen en beneaming provinsje Fryslân 2026 as neikomt fêst te stellen:

Kêst 1 Beneaming advyskommisje

1. Foar alle prizen of de beneaming lykas bedoeld yn de Feroardering provinsjale prizen en beneaming provinsje Fryslân 2026 wurdt in advyskommisje gearstald dy't as taak hat om de wurken of fertsjinsten te beoardieljen en Deputearre Steaten te advisearjen oer it takennen fan de priis of oer de beneaming. Deputearre Steaten beneame, skorse en ûntslane de leden fan de advyskommisje. De advyskommisje is in kommisje as bedoeld yn kêst 82 fan de Provinciewet.
2. Deputearre Steaten beneame de leden fan de advyskommisje op foardracht fan:
   a. Tresoar, de Fryske Akademy en it literêre fjild by de Gysbert Japicxpriis;
   b. Tresoar en de Fryske Akademy by de dr. Obe Postmapriis en de Tiny Mulderpriis;
   c. Tresoar by de dr. Joast Halbertsmapriis;
   d. Stichting Friesland Pop by de Bernlefpriis;
   e. Keunstwurk by de Teaterpriis en de GERRIT BENNER priis;
   f. Sport Fryslân by de Sportoeuvrepriis;
   g. Afûk by de Dichter fan Fryslân.
3. De leden fan de advyskommisje foarmje wat gearstalling en saakkundigens oanbelanget in goede ôfspegeling fan de dissipline.
4. De gearstalling fan de advyskommisje wurdt spesifyk ôfstimd op de priis of beneaming lykas fêststeld yn it oanbelangjende kêst.
5. De advyskommisjeleden wurde beneamd foar de doer fan it tiidrek dêr't in priis oer útrikt wurdt. De leden fan de advyskommisje kinne yn in perioade fan 8 jier foar ien kear op 'en nij beneamd wurde.
6. By de beneaming fan in lid fan de advyskommisje sil dy frege wurde om tastimming te ferlienen foar it ferwurkjen en it brûken fan dy syn persoansgegevens, as en foar safier't dat nedich is of folget út it wurk fan it advyskommisjelid. It hjir bedoelde gebrûk kin slaan op it bekend meitsjen fan namme en wenplak, it meitsjen of brûken fan foto's en/of oare ôfbyldings fan it advyskommisjelid en it bekend meitsjen dêrfan, bygelyks yn it ramt fan in priisútrikking of it bekend meitsjen fan in list fan nominearren foar de priis. In ferliende tastimming as hjir bedoeld kin altyd wer ynlutsen wurde. Yn dat gefal sil besjoen wurde oft en as dat sa is hokker gefolgen dat foar it funksjonearjen fan it oanbelangjende advyskommisjelid hat.
7. In advyskommisje bestiet út in ûneven tal leden, op syn minst trije of op syn heechst fiif leden.
8. It lidmaatskip fan in advyskommisjelid einiget by:
   a. It ynlûken of ferfallen fan it priis;
   b. It nimmen fan ûntslach as lid;
   c. It ferstjerren fan it lid;
   d. In beslút fan Deputearre Steaten.
9. As it lidmaatskip fan ien advyskommisjelid einiget, lykas neamd yn it achtste lid, ûnder b, c of d, beneame Deputearre Steaten in nij advyskommisjelid.
10. De advyskommisjeleden dy't ôfgien binne nimme in funksje waar, foar safier't dat mooglik en winsklik is, oant yn de opfolging foarsjoen is.

Kêst 2 Taken en foegen advyskommisje

1. De advyskommisje kiest by de earste gearkomste út syn midden in foarsitter en in plakferfangend foarsitter.
2. De foarsitter treedt nei bûten op as wurdfierder fan de advyskommisje.
3. De advyskommisjeleden advisearje ûnôfhinklik en sûnder lêst of oerlis, harren ûnpartidigens stiet net ta diskusje.
4. De advyskommisjeleden binne bekend en akkoart mei it reglemint.

5. Foar safier't leden fan de advyskommisje by de útfiering fan harren taken de beskikking krije oer gegevens dêr't sy it fertroulike karakter fan kenne of reedlikerwize witte kenne soene, binne sy ferplichte ta it geheim hâlden fan dy gegevens, of it moat wêze dat in wetlik foarskrift harren ta meidieling ferplichtet of dat de needsaak ta meidieling út harren taak folget.
6. De foarsitter en de oare leden fan de advyskommisje ûntfange in fergoeding foar harren wurk en reis- en ferbliuwskosten neffens kêst 2.4.1 fan it Rechtspositiebesluit decentrale politieke ambtsdragers en kêst 2, earste lid, fan de Regeling rechtspositie decentrale politieke ambtsdragers.

Kêst 3 Gearkomsten advyskommisje

1. Gearkomsten wurde organisearre as tarieding fan it advisearjen fan Deputearre Steaten oer de ta te kennen prizen en beneaming.
2. De advyskommisje komt sa faak byinoar as de foarsitter fan de advyskommisje dat nedich fynt en komt yn de beneamingstermyn op syn minst ien kear byinoar. Dêrneist wurdt der ien gearkomste hâlden foar it opstellen en bepraten fan it advyskommisjerapport.
3. De gearkomsten fan de advyskommisje binne net iepenbier.
4. Elk lid fan de advyskommisje hat ien stim en in lid kin him yn in gearkomste net troch in oar fertsjintwurdigje litte.
5. De gearkomste wurdt net iepene as net op syn minst de helte fan it tal sitting hawwende leden fysyk of digitaal oanwêzich is.
6. Yn de gearkomste dêr't it beslút nommen wurdt hokker gadingmakker de winner is, moatte alle leden fysyk of digitaal oanwêzich wêze. As sprake is fan oermacht kin de gearkomste ek trochgean by ôfwêzichheid fan ien advyskommisjelid.

Kêst 4 Advisearring

1. De advyskommisje advisearret by mearderheid fan stimmen. Fan in minderheidsstânpunt wurdt inkeld en allinnich yn it advys melding makke, as dy minderheid dêr om freget. Yn gefal yn in gearkomste ien lid fan de advyskommisje ôfwêzich is fanwegen oermacht en de stimmen stake dan beslút de foarsitter.
2. De advyskommisje kin op eigen inisjatyf ien earfolle fermelding de priis takenne.
3. De advyskommisje beoardielet de wurken of de fertsjinsten oan 'e hân fan de beoardielingskritearia sa't dy yn kêst 8 oant en mei 15 fan dit reglemint de priis of beneaming beskreaun binne.
4. De hichte fan de ta te kennen priis is fêstlein yn de Feroardering provinsjale prizen en beneaming provinsje Fryslân 2026.
5. De advyskommisje leit de troch har folge proseduere en har mienskiplike befinings en oerwagings oangeande beoardielingskritearia skriftlik yn in advysrapport fêst.
6. It advyskommisjerapport wurdt oan Deputearre Steaten oanbean mei de motivearre oanrekommandaasje fan de nominearren en de priiswinner.
7. It advyskommisjerapport wurdt nei de priisútrikking op de webside fan de provinsje en de oanbelangjende eksterne organisaasje publisearre.
8. As de beoardiele wurken of fertsjinsten net it easke nivo hawwe, kin de advyskommisje advisearje om gjin priis út te rikken.
9. It advyskommisjerapport wurdt op syn minst fjouwer wike foar it útrikken fan de priis oan Deputearre Steaten oanbean.
10. Alle kosten ferbûn oan de tarieding, de advisearring, de takenning en it útrikken fan in priis of beneaming komme foar rekken fan de provinsje. Oer de kosten sil yn 't foar oerlis wêze.
11. Foar de Gysbert Japicxpriis, dr. Obe Postmapriis en de Tiny Mulder jildt dat de te beoardielen boeken oankocht wurde foar elk advyskommisjelid. Dizze kosten komme foar rekken fan de Provinsje Fryslân.

Kêst 5 Sekretariaat

1. De provinsje Fryslân foarsjocht yn it sekretariaat fan de advyskommisje troch it jaan fan in opdracht oan in oanbelangjende eksterne organisaasje of troch it ynsetten fan syn eigen amtlike tsjinst.
2. It sekretariaat hat yn alle gefallen de neikommende taken:
   a. De administrative tarieding fan de gearkomste, it reservearjen fan de gearkomsteromte en it fersoargjen fan de útnûgings foar de gearkomsten;
   b. It yn oerlis mei de foarsitter fersoargjen fan de tarieding fan de gearkomsten en it proses yn 'e gaten te hâlden;
   c. It op 'e tiid ferstjoeren fan de gearkomstestikken;
   d. De ferslachlizzing fan de gearkomsten;
   e. It stypjen fan de advyskommisjeleden by it opstellen fan it advyskommisjerapport;
   f. Belutsen wêze by de tarieding en organisaasje fan de priisútrikking.

Kêst 6 Priisútrikking

1. De priisútrikking wurdt taret, kommunisearre en organisearre troch de provinsje yn gearspraak mei de oanbelangjende eksterne organisaasje.

2. Nei it beslút fan Deputearre Steaten oer de takenning fan de priis of de beneaming krije alle dielnimmers of nominearren skriftlik ynformaasje oer dat beslút en de mooglike ferfolchproseduere.
3. Nei it beslút fan Deputearre Steaten wurdt de winner troch de deputearre op 'e hichte brocht, oftewol by de priisútrikking of op foarhân.
4. As troch bûtengewoane omstannichheden in nominearre net by de priisútrikking oanwêzich wêze kin, kin hy of sy him troch in oar fertsjintwurdigje litte. Dat wurdt yn 't foar oan it sekretariaat meld.
5. As de winner de priis net yn ûntfangst nimme wol, wurdt de oanbelangjende priis net útrikt.
6. Nei alle priisútrikkings of beneamings wurdt it hiele proses troch de provinsje mei de oanbelangjende eksterne organisaasje en de advyskommisje evaluearre. Mooglike ferbetterings of oanpassing sille as dat needsaaklik is yn dit reglemint oanpast wurde.

Kêst 7 It dielnimmen

1. Om foar in priis of beneaming yn oanmerking te kommen, is yn de kêsten 8 oant en mei 15 fêstlein op hokker wize oan in priis of beneaming dielnommen wurde kin.
2. De kosten foar it dielnimmen komme, as dat oan 'e oarder is, foar rekken fan de dielnimmer.
3. Utsletten fan dielnimmen binne advyskommisjeleden fan it bestjoer fan de oanbelangjende organisaasjes of fan it bestjoer fan de provinsje Fryslân en persoanen dy't mei neamde leden in nauwe saaklike of famyljerelaasje of dêrmei ferlykbere relaasje hawwe of koartlyn hân hawwe.

Kêst 8 Gysbert Japicxpriis

1. Foar de foardracht fan ien lid fan it literêre fjild foar de advyskommisje sa as bedoeld yn kêst 1 dogge Deputearre Steaten in algemiene útnûging oan it literêre fjild om kandidaten oan te melden. Allinnich natuerlike persoanen mei ûnderfining yn it skriuwen fan proaza of poëzij kinne oanmeld wurde. As der gjin reaksje komt op de algemiene útnûging fersoarget Tresoar en de Fryske Akademy de foardracht fan de folsleine advyskommisje.
2. Yn de advyskommisje hawwe de leden mei-inoar foldwaande kennis oer de literatuerwittenskip, taalkundige ekspertize, kennis en kunde fan de Fryske literatuer en it literêre fjild.
3. Deputearre Steaten beneame op basis fan de foardrachten of oanmeldings út it literêre fjild in lid fan de advyskommisje mei dy kunde sadat de hiele advyskommisje foldocht oan it bepaald yn it twadde lid.
4. Alle skriuwers of dichters kinne foar de Gysbert Japicxpriis yn oanmerking komme as oan de neikommende betingsten foldien wurdt:
   a. It giet om Frysktalige wurken;
   b. It giet om publisearre wurken oant uterlik fjouwer folle kalinderjierren foar de earstkommende útrikking fan de priis (as it om in oeuvrepriis giet, ferfalt dizze betingst);
   c. De priis wurdt om bar oan proaza of oan poëzij takend;
   d. It kin om sawol jongerein-, as folwoeksenenproaza of -poëzij gean.

5. It wurk wurdt beoardiele mei help fan de neikommende beoardielingskritearia:
   a. Konsept en idee;
   b. Skriuwstyl;
   c. Literêre kwaliteit;
   d. Gearhing tusken foargeande kritearia.

6. In oeuvre wurdt beoardiele mei help fan de neikommende beoardielingskritearia:
   a. Kwaliteit fan de wurken;
   b. Untjouwing fan de dichter of skriuwer;
   c. Ympakt fan de wurken;
   d. Ferskaat fan de werken.

7. De oanbelangjende eksterne organisaasje fan de Gysbert Japicxpriis is Tresoar.

Kêst 9 Dr. Obe Postmaprijs

1. Alle oersetters kinne foar de Dr. Obe Postmapriis yn oanmerking komme as oan de neikommende betingsten foldien wurdt:
   a. It giet om publisearre wurken oant uterlik twa folle kalinderjierren foar de earstkommende útrikking fan de priis;
   b. It giet om wurken dy't út it Frysk wei of nei it Frysk ta oerset binne.

2. It wurk wurdt beoardiele mei help fan de neikommende beoardielingskritearia:
   a. Lêsberens;
   b. Styl;
   c. Behâld fan oarspronklikheid;
   d. Oansluting by de doelgroep.

3. De oanbelangjende eksterne organisaasje fan de dr. Obe Postmapriis is Tresoar.

Kêst 10 Tiny Mulderpriis

1. Alle oersetters kinne foar de Tiny Mulderpriis yn oanmerking komme as oan de neikommende betingsten foldien wurdt:
   a. It giet om publisearre wurken oant uterlik twa folle kalinderjierren foar de earstkommende útrikking fan de priis;
   b. It giet om wurken dy't út it Frysk wei of nei it Frysk ta oerset binne;
   c. It giet spesifyk om oersette berne- en jongereinliteratuer.

2. It wurk wurdt beoardiele mei help fan de neikommende beoardielingskritearia:
   a. Lêsberens;
   b. Styl;
   c. Behâld fan oarspronklikheid;
   d. Oansluting by de doelgroep.

3. De oanbelangjende eksterne organisaasje fan de Tiny Mulderpriis is Tresoar.

Kêst 11 Bernlefpriis

1. Alle muzikanten, komponisten, bands, arranzjeurs of liettekstskriuwers kinne foar de Bernlefpriis yn oanmerking komme as oan de neikommende betingsten foldien wurdt:
   a. It giet om ien of mear Frysktali(ch)(ge) foka(a)l(e) popnûmer(s);
   b. It giet om publisearre nûmers oant uterlik twa folle kalinderjierren foar de earstkommende útrikking fan de priis.

2. It wurk wurdt beoardiele mei help fan de neikommende beoardielingskritearia:
   a. Tagonklikheid;
   b. Autentisiteit en unisiteit;
   c. Ferbining of gearwurking mei oar dissiplinen, sjenres of plakken.

3. De oanbelangjende eksterne organisaasje fan de Bernlefpriis is Stichting Friesland Pop.

Kêst 12 Teäterpriis

1. Alle regisseurs, produsinten, adviseurs, kostúmûntwerpers, foarstellingen, toanielspilers, toanielselskippen, toanielbewurkers, toanieloersetters of toanielskriuwers kinne foar de Teäterpriis yn oanmerking komme as oan de neikommende betingsten foldien wurdt:
   a. It giet om in útsûnderlike prestaasje fan in persoan of in groep of de persoan of groep is hieltyd wer fan tafoege wearde yn it amateurteäter yn Fryslân.

2. De prestaasje wurdt beoardiele mei help fan de neikommende beoardielingskritearia:
   a. Tafoeging yn de dynamyk fan it amateurteäter;
   b. Fuortsterking fan de spankrêft fan it amateurteäter;
   c. Autentisiteit en eigenheid;
   d. Artistike sizzenskip yn it amateurteäter;
   e. Fuortsterking fan de mienskip troch it amateurteäter.

3. De oanbelangjende eksterne organisaasje fan de Teäterpriis is Keunstwurk.

Kêst 13 dr. Joast Halbertsmapriis

1. Alle wittenskippers kinne foar de dr. Joast Halbertsmapriis yn oanmerking komme as oan de neikommende betingsten foldien wurdt:
   a. It giet om wurken op it mêd fan histoaryske wittenskippen, taalwittenskip, literatuerwittenskip en sosjale wittenskip;
   b. It giet om wittenskippers wêrby't it ûndersyksmêd in dúdlike relaasje mei de provinsje Fryslân hat;
   c. It giet om wurken dy't oant uterlik fjouwer folle kalinderjierren foar de earstkommende ynskriuwing fan de priis realisearre binne.

2. It dielnimmen is troch ynskriuwing of op foardracht, dy't troch de oanbelangjende eksterne organisaasje organisearre wurdt.
3. De ynskriuwer of de foardroegen wittenskipper moat it wurk yn trijefâld oanleverje.
4. It tal ynstjoerings of foardrachten de wittenskipper is ta twa beheind.
5. Der is gjin maksimum foar it tal nominearren dy't troch de sjuery oanwiisd wurde.
6. It wurk wurdt beoardiele mei help fan de neikommende beoardielingskritearia:
   a. Kwaliteit fan it wurk;

b. It moat fernijend wêze yn oanpak of ynhâldlike nije ynsichten;
c. Yn hoefier't it fan provinsjaal en nasjonaal belang is.

7. In oeuvre wurdt beoardiele mei help fan de neikommende beoardielingskritearia:
   a. Kwaliteit fan de wurken;
   b. Untjouwing fan de wittenskipper;
   c. Ympakt fan de wurken.

8. De oanbelangjende eksterne organisaasje fan de dr. Joast Halbertsmapriis is Tresoar.

Kêst 14 GERRIT BENNER priis

1. Alle byldzjende keunstners fan alle dissiplinen kinne foar de GERRIT BENNER priis yn oanmerking komme as oan de neikommende betingsten foldien wurdt:
   a. It giet om keunstners dy't yn 'e provinsje Fryslân wurkje;
   b. It giet om keunstners dy't yn 'e provinsje Fryslân wenje. As it om in oeuvrepriis giet, ferfalt dizze betingst mar moat de keunstner of syn wurk wol in dúdlike relaasje mei Fryslân hawwe;
   c. It giet om wurken dy't oant uterlik twa folle kalinderjierren foar de earstkommende ynskriuwing fan de priis realisearre binne. As it om in oeuvrepriis giet, ferfalt dizze betingst;
   d. De priis wurdt om bar foar in resint wurk of in oeuvre útkeard.

2. It dielnimmen is troch ynskriuwing, dy't troch de oanbelangjende eksterne organisaasje organisearre wurdt.
3. De foarsitter fan de advyskommisje is in keunsthistoarikus.
4. It resinte wurk of oeuvre wurdt mei help fan de neikommende beoardielingskritearia beoardiele:
   a. Byldzjend fermogen
   b. Orizjinaliteit fan it wurk
   c. Feardigens
   d. Sizzenskrêft fan it wurk
   e. Gearhing tusken boppeneamde eigenskippen.

5. In oeuvre wurdt beoardiele mei help fan de neikommende beoardielingskritearia:
   a. De neamde beoardielingskritearia ûnder it fierde lid;
   b. Yn hoefier't lange tiid op kwalitatyf nivo wurke is;
   c. (Ynter)nasjonale útstrieling

6. Under ferantwurdlikheid fan it Fries Museum wurdt in presintaasje út it wurk fan de winnende keunstner gearstald. Dy presintaasje wurdt nei de priisútrikking iepene.
7. De oanbelangjende eksterne organisaasje fan de GERRIT BENNER priis is Keunstwurk.

Kêst 15 Dichter fan Fryslân

1. Alle skriuwers en dichters kinne ta Dichter fan Fryslân beneamd wurde as oan de neikommende betingsten foldien wurdt:
   a. De persoan hat net earder Dichter fan Fryslân west;
   b. De skriuwer of dichter hat in dúdlike relaasje mei Fryslân.

2. De advyskommisje basearret syn kar foar beneaming mei help fan de neikommende beoardielingskritearia:
   a. Kwaliteit;
   b. Eigensinnigens en orizjinaliteit;
   c. Meartaligens;
   d. Performance;
   e. Ferskaat en ynklusiviteit;
   f. Affiniteit mei de byldzjende keunsten of oare keunstfoarmen.

3. Nei beneaming kriget de Dichter fan Fryslân it fersyk om in offerte te skriuwen. Underdiel fan dy offerte binne yn alle gefallen de jierlikse bydrage fan € 2.700,- en alle jierren op syn minst seis en op syn meast tsien Frysktalige gedichten fan € 265,- it stik en alle jierren op syn minst twa en op syn meast tsien optredens fan € 265,- it optreden as Dichter fan Fryslân. Oare aktiviteiten yn dy offerte binne troch de Dichter fan Fryslân yn oerlis mei de provinsje Fryslân frij yn te foljen, mar drage by oan de rol fan poëtysk ambassadeur yn de provinsje.
4. De oanbelangjende eksterne organisaasje fan de Dichter fan Fryslân is Afûk.

Kêst 16 Einbepalingen

1. Oer de ynstjoerings, foardrachten, nominearren, de foardroegen advyskommisje, it rapport fan de advyskommisje en it beslút fan Deputearre Steaten kin net korrespondearre wurde.
2. Yn situaasjes dêr't de Beliedsregel net yn foarsjocht, beslute Deputearre Steaten.

3. Dit reglemint kin oanhelle wurde as ‘Beliedsregel provinsjale prizen en beneaming provinsje Fryslân 2026’.
4. Dizze Beliedsregel giet yn op de earste dei nei it bekend meitsjen yn it Provinciaal Blad.
5. Mei yngong fan deselde datum wurdt it Reglemint provinsjale prizen en beneaming provinsje Fryslân 2022 ynlutsen.

Ljouwert, 28 oktober 2026

Foarsitter, drs. A.A.M. Brok

Sekretaris, drs. ing. J.J. Algra

Bijlage 1

Gedeputeerde Staten van Fryslân,

gelet op de Verordening provinciale prijzen en benoeming provincie Fryslân 2026, overwegende dat prijzen worden toegekend om cultuur, muziek, literatuur, sport en wetenschap te stimuleren en het vakgebied uit te dragen en een benoeming wordt gedaan om Friestalige poëzie te stimuleren,

besluiten

de Beleidsregel provinciale prijzen en benoeming provincie Fryslân 2026 als volgt vast te stellen:

Artikel 1 Benoeming adviescommissie

1. Voor alle prijzen of de benoeming zoals bedoeld in de Verordening provinciale prijzen en benoeming provincie Fryslân 2026 wordt een adviescommissie samengesteld, die tot taak heeft om de werken of verdiensten te beoordelen en Gedeputeerde Staten te adviseren over het toekennen van de prijs of over de benoeming. Gedeputeerde Staten benoemen, schorsen en ontslaan de leden van de adviescommissie. De adviescommissie is een commissie als bedoeld in artikel 82 van de Provinciewet.
2. Gedeputeerde Staten benoemen de leden van de adviescommissie op voordracht van:
   a. Tresoar, de Fryske Akademy en het literaire veld bij de Gysbert Japicxprijs;
   b. Tresoar en de Fryske Akademy bij de dr. Obe Postmaprijs en de Tiny Mulderprijs;
   c. Tresoar bij de dr. Joast Halbertsmaprijs;
   d. Stichting Friesland Pop bij de Bernlefprijs;
   e. Keunstwurk bij de Teäterprijs en de GERRIT BENNER prijs;
   f. Sport Fryslân bij de Sportoeuvreprijs;
   g. Afûk bij de Dichter fan Fryslân.
3. De leden van de adviescommissie vormen voor wat betreft samenstelling en deskundigheid een goed afspiegeling van de discipline.
4. De samenstelling van de adviescommissie wordt specifiek afgestemd op de prijs of benoeming, zoals vastgesteld in het betreffende artikel.
5. De adviescommissieleden worden benoemd voor de duur van de periode waarover een prijs wordt uitgereikt. De leden van de adviescommissie kunnen in een periode van 8 jaar voor één keer opnieuw worden benoemd.
6. Bij de benoeming van een lid van de adviescommissie zal aan het lid gevraagd worden om toestemming te verlenen voor het verwerken en gebruik van zijn persoonsgegevens, indien en voor zover dat nodig is of voortvloeit uit het werk van het adviescommissielid. Het hier bedoelde gebruik kan betrekking hebben op het bekend maken van naam en woonplaats, het maken of gebruiken van foto's en/of andere afbeeldingen van het adviescommissielid en het bekend maken daarvan, bijvoorbeeld in het kader van een prijsuitreiking of het bekend maken van een lijst van genomineerden voor de prijs. Een verleende toestemming zoals hier bedoeld, kan altijd weer worden ingetrokken. In dat geval zal worden bekeken of en zo ja, welke gevolgen dat heeft voor het functioneren van het betreffende adviescommissielid.
7. Een adviescommissie bestaat uit een oneven aantal leden, minimaal drie, maximaal vijf leden.
8. Het lidmaatschap van een adviescommissielid eindigt bij:
   a. het intrekken of vervallen van de prijs;
   b. het nemen van ontslag als lid;
   c. het overlijden van het lid;
   d. een besluit van Gedeputeerde Staten.
9. Als het lidmaatschap van een adviescommissielid eindigt zoals genoemd in het achtste lid, onder b, c of d, dan benoemen Gedeputeerde Staten een nieuw adviescommissielid.
10. De adviescommissieleden die zijn afgetreden, nemen een functie waar, voor zover dat mogelijk en wenselijk is, totdat in de opvolging is voorzien.

Artikel 2 Taken en bevoegdheden adviescommissie

1. De adviescommissie kiest in de eerste vergadering uit zijn midden een voorzitter en een plaatsvervangend voorzitter.
2. De voorzitter treedt naar buiten op als woordvoerder van de adviescommissie.
3. De adviescommissieleden adviseren onafhankelijk en zonder last of ruggespraak, hun onpartijdigheid staat niet ter discussie.
4. De adviescommissieleden zijn bekend en akkoord met het reglement.

5. Voor zover de leden van de adviescommissie bij de uitvoering van hun taken de beschikking krijgen over gegevens waarvan zij het vertrouwelijke karakter kennen of redelijkerwijs zouden kunnen weten, zijn zij verplicht tot het geheim houden van die gegevens, tenzij een wettelijk voorschrift hen tot mededeling verplicht of tenzij de noodzaak tot mededeling voortvloeit uit hun taak.
6. De voorzitter en de andere leden van de adviescommissie ontvangen een vergoeding voor hun werk en reis- en verblijfskosten, volgens artikel 2.4.1 van het Rechtspositiebesluit decentrale politieke ambtsdragers en artikel 2, eerste lid, van de Regeling rechtspositie decentrale politieke ambtsdragers.

Artikel 3 Vergaderingen adviescommissie

1. Vergaderingen worden georganiseerd ter voorbereiding van de advisering van Gedeputeerde Staten over de toe te kennen prijzen en benoeming.
2. De adviescommissie komt zo vaak bij elkaar als de voorzitter dat nodig acht en komt in de benoemingstermijn minimaal één keer bij elkaar. Daarnaast wordt er een vergadering gehouden voor het opstellen en bespreken van het adviescommissierapport.
3. De vergaderingen van de adviescommissie zijn niet openbaar.
4. Ieder lid van de adviescommissie heeft één stem en een lid kan zich in een vergadering niet door een ander laten vertegenwoordigen.
5. De vergadering wordt niet geopend als niet minimaal de helft van het aantal zitting hebbende leden fysiek of digitaal aanwezig is.
6. In de vergadering waar het besluit wordt genomen welke gegadigde de winnaar is, moeten alle leden fysiek of digitaal aanwezig zijn. Indien er sprake is van overmacht kan de vergadering ook doorgaan bij afwezigheid van één adviescommissielid.

Artikel 4 Advisering

1. De adviescommissie adviseert bij meerderheid van stemmen. Van een minderheidsstandpunt wordt uitsluitend in het advies melding gemaakt, wanneer de minderheid daar om vraagt. In geval in een vergadering één lid van de adviescommissie afwezig is vanwege overmacht en de stemmen staken, dan besluit de voorzitter.
2. De adviescommissie kan op eigen initiatief één eervolle vermelding per prijs toekennen.
3. De adviescommissie beoordeelt de werken of de verdiensten aan de hand van de beoordelingscriteria, zoals die in artikel 8 tot en met 15 van dit reglement per prijs of benoeming zijn beschreven.
4. De hoogte van de toe te kennen prijs is vastgelegd in de Verordening provinciale prijzen en benoeming provincie Fryslân 2026.
5. De adviescommissie legt de door haar gevolgde procedure en gemeenschappelijke bevindingen en afwegingen in relatie tot de beoordelingscriteria schriftelijk in een adviesrapport vast.
6. Het adviesrapport wordt aan Gedeputeerde Staten aangeboden met een gemotiveerde aanbeveling van de genomineerden en de prijswinnaar.
7. Het adviescommissierapport wordt na de prijsuitreiking op de website van de provincie en de betreffende externe organisatie gepubliceerd.
8. Indien de beoordeelde werken of verdiensten niet het vereiste niveau hebben, kan de adviescommissie adviseren om geen prijs uit te reiken.
9. Het adviescommissierapport wordt minimaal vier weken voor het uitreiken van de prijs aan Gedeputeerde Staten aangeboden.
10. Alle kosten, verbonden aan de voorbereiding, de advisering, de toekenning en het uitreiken van een prijs of benoeming zijn voor rekening van de provincie. Over de kosten zal vooraf overleg zijn.
11. Voor de Gysbert Japicxprijs, dr. Obe Postmaprijs en de Tiny Mulder geldt dat de te beoordelen boeken voor ieder adviescommissielid worden aangekocht. Deze kosten zijn voor rekening van de Provincie Fryslân.

Artikel 5 Secretariaat

1. De provincie Fryslân voorziet in het secretariaat van de adviescommissie door het geven van een opdracht aan een betreffende externe organisatie of door het inzetten van de eigen ambtelijke dienst.
2. Het secretariaat heeft in ieder geval de volgende taken:
   a. De administratieve voorbereiding van de vergadering, het reserveren van de vergaderruimte en het verzorgen van de uitnodigingen voor de vergaderingen;
   b. Het in overleg met de voorzitter verzorgen van de voorbereiding van de vergaderingen en het proces bewaken;
   c. Het op tijd verzenden van de vergaderstukken;
   d. De verslaglegging van de vergaderingen;
   e. De ondersteuning van de adviescommissieleden bij het opstellen van het adviescommissierapport;

f. Betrokken zijn bij de voorbereiding en organisatie van de prijsuitreiking.

Artikel 6 Prijsuitreiking

1. De prijsuitreiking wordt voorbereid, gecommuniceerd en georganiseerd door de provincie in samenspraak met de betreffende externe organisatie.
2. Na het besluit van Gedeputeerde Staten over de toekenning van de prijs of de benoeming krijgen alle deelnemers of genomineerden schriftelijk informatie over dat besluit en de mogelijke vervolgprocedure.
3. Na het besluit van Gedeputeerde Staten wordt de winnaar door de gedeputeerde op de hoogte gebracht, ofwel bij de prijsuitreiking of op voorhand.
4. Indien door buitengewone omstandigheden een genomineerde niet bij de prijsuitreiking aanwezig kan zijn, kan hij of zij zich door een ander laten vertegenwoordigen. Dat wordt vooraf aan het secretariaat gemeld.
5. Indien de winnaar de prijs niet in ontvangst wil nemen, wordt de betreffende prijs niet uitgereikt.
6. Na iedere prijsuitreiking of benoeming wordt het hele proces door de provincie met de betreffende externe organisatie en de adviescommissie geëvalueerd. Mogelijke verbeteringen of aanpassing zal, indien noodzakelijk, in dit reglement worden aangepast.

Artikel 7 Deelname

1. Om voor een prijs of benoeming in aanmerking te komen, is in de artikelen 8 tot en met 15 vastgelegd op welke manier aan een prijs of benoeming deelgenomen kan worden.
2. De kosten voor deelname komen, als dat aan de orde is, voor rekening van de deelnemer.
3. Uitgesloten van deelname zijn adviescommissieleden van het bestuur van de betreffende organisatie of van het bestuur van de provincie Fryslân en personen die met genoemde leden een nauwe zakelijke of familierelatie of daarmee vergelijkbare relatie hebben of kortgeleden hebben gehad.

Artikel 8 Gysbert Japicxprijs

1. Voor de voordracht van een lid van het literaire veld voor de adviescommissie als bedoeld in artikel 1 doen Gedeputeerde Staten een algemene uitnodiging aan het literaire veld om kandidaten aan te melden. Alleen natuurlijke personen met ervaring in het schrijven van proza of poëzie kunnen worden aangemeld. Als er geen reactie komt op de algemene uitnodiging dan verzorgen Tresoar en de Fryske Akademy de voordracht van de volledige adviescommissie.
2. In de adviescommissie hebben de leden samen voldoende kennis over de literatuurwetenschap, taalkundige expertise, kennis en kunde van de Friese literatuur en het literaire veld.
3. Gedeputeerde Staten benoemen op basis van de voordrachten of aanmeldingen uit het literaire veld een lid van de adviescommissie met deze kennis zodat de hele adviescommissie aan het bepaalde in het tweede lid voldoet.
4. Alle schrijvers of dichters kunnen voor de Gysbert Japicxprijs in aanmerking komen indien aan de volgende voorwaarden wordt voldaan:
   a. Het gaat om Friestalige werken;
   b. Het gaat om gepubliceerde werken tot uiterlijk vier volle kalenderjaren voor de eerstvolgende uitreiking van de prijs (als het om een oeuvreprijs gaat, vervalt deze voorwaarde);
   c. De prijs wordt om beurten voor proza of voor poëzie toegekend;
   d. Het kan om zowel jeugd- als volwassenenproza of -poëzie gaan.
5. Het werk wordt beoordeeld met behulp van de volgende beoordelingscriteria:
   a. Concept en idee;
   b. Schrijfstijl;
   c. Literaire kwaliteit;
   d. Samenhang tussen voorgaande criteria.
6. Een oeuvre wordt beoordeeld met behulp van de volgende beoordelingscriteria:
   a. Kwaliteit van de werken;
   b. Ontwikkeling van de dichter of schrijver;
   c. Impact van de werken;
   d. Verscheidenheid van de werken.
7. De betreffende externe organisatie van de Gysbert Japicxprijs is Tresoar.

Artikel 9 Dr. Obe Postmaprijs

1. Alle vertalers kunnen voor de Dr. Obe Postmaprijs in aanmerking komen indien aan de volgende voorwaarden wordt voldaan:

a. Het gaat om gepubliceerde werken tot uiterlijk twee volle kalenderjaren voor de eerstvolgende uitreiking van de prijs;
b. Het gaat om werken die uit het Fries of naar het Fries zijn vertaald.

2. Het werk wordt beoordeeld met behulp van de volgende beoordelingscriteria:
a. Leesbaarheid;
b. Stijl;
c. Behoud van oorspronkelijkheid;
d. Aansluiting bij de doelgroep.

3. De betreffende externe organisatie van de dr. Obe Postmaprijs is Tresoar.

Artikel 10 Tiny Mulderprijs

1. Alle vertalers kunnen voor de Tiny Mulderprijs in aanmerking komen indien aan de volgende voorwaarden wordt voldaan:
a. Het gaat om gepubliceerde werken tot uiterlijk twee volle kalenderjaren voor de eerstvolgende uitreiking van de prijs;
b. Het gaat om werken die uit het Fries of naar het Fries zijn vertaald;
c. Het gaat specifiek om vertaalde kinder- en jeugdliteratuur.

2. Het werk wordt beoordeeld met behulp van de volgende beoordelingscriteria:
a. Leesbaarheid;
b. Stijl;
c. Behoud van oorspronkelijkheid;
d. Aansluiting bij de doelgroep.

3. De betreffende externe organisatie van de Tiny Mulderprijs is Tresoar.

Artikel 11 Bernlefprijs

1. Alle muzikanten, componisten, bands, arrangeurs of liedtekstschrijvers kunnen voor de Bernlefprijs in aanmerking komen indien aan de volgende voorwaarden wordt voldaan:
a. Het gaat om één of meer Friestalig(e) voca(a)l(e) popnummers(s);
b. Het gaat om gepubliceerde nummers tot uiterlijk twee volle kalenderjaren voor de eerstvolgende uitreiking van de prijs.

2. Het werk wordt beoordeeld met behulp van de volgende beoordelingscriteria:
a. Toegankelijkheid;
b. Authenticiteit en uniciteit;
c. Verbinding of samenwerking met andere disciplines, genres of plaatsen.

3. De betreffende externe organisatie van de Bernlefpriis is Stichting Friesland Pop.

Artikel 12 Teäterprijs

1. Alle regisseurs, producenten, adviseurs, kostuumontwerpers, voorstellingen, toneelspelers, toneelgezelschappen, toneelbewerkers, toneelvertalers of toneelschrijvers kunnen voor de Teäterprijs in aanmerking komen indien aan de volgende voorwaarden wordt voldaan:
a. Het gaat om een uitzonderlijke prestatie van een persoon of een groep of de persoon of groep is steeds weer van toegevoegde waarde in het amateurtheater in Fryslân.

2. De prestatie wordt beoordeeld met behulp van de volgende beoordelingscriteria:
a. Toevoeging in de dynamiek van het amateurtheater;
b. Versterking van de spankracht van het amateurtheater;
c. Authenticiteit en eigenheid;
d. Artistieke zeggenschap in het amateurtheater;
e. Versterking van de gemeenschap door het amateurtheater.

3. De betreffende externe organisatie van de Teäterprijs is Keunstwurk.

Artikel 13 dr. Joast Halbertsmaprijs

1. Alle wetenschappers kunnen voor de dr. Joast Halbertsmaprijs in aanmerking komen indien aan de volgende voorwaarden wordt voldaan:
a. Het gaat om werken op het gebied van historische wetenschappen, taalwetenschap, literatuurwetenschap en sociale wetenschap;
b. Het gaat om wetenschappers, waarbij het onderzoeksgebied een duidelijke relatie heeft met de provincie Fryslân;

c. Het gaat om werken die tot uiterlijk vier volle kalenderjaren voor de eerstvolgende inschrijving van de prijs gerealiseerd zijn.

2. Deelname is door inschrijving of op voordracht, die door de betreffende externe organisatie wordt georganiseerd.
3. De inschrijver of de voorgedragen wetenschapper moet het werk in drievoud aanleveren.
4. Het aantal inzendingen of voordrachten per wetenschapper is tot twee beperkt.
5. Er is geen maximum voor het aantal genomineerden die door de jury aangewezen worden.
6. Het werk wordt beoordeeld met behulp van de volgende beoordelingscriteria:
   a. Kwaliteit van het werk;
   b. Het moet vernieuwend zijn in aanpak of inhoudelijke nieuwe inzichten;
   c. In hoeverre het van provinciaal en nationaal belang is.

7. Een oeuvre wordt beoordeeld met behulp van de volgende beoordelingscriteria:
   a. Kwaliteit van de werken;
   b. Ontwikkeling van de wetenschapper;
   c. Impact van de werken.

8. De betreffende externe organisatie van de dr. Joast Halbertsmapriis is Tresoar.

Artikel 14 GERRIT BENNER prijs

1. Alle beeldende kunstenaars van alle disciplines kunnen voor de GERRIT BENNER prijs in aanmerking komen indien aan de volgende voorwaarden wordt voldaan:
   a. Het gaat om kunstenaars die in de provincie Fryslân werken;
   b. Het gaat om kunstenaars die in de provincie Fryslân wonen. Als het om een oeuvreprijs gaat, dan vervalt deze voorwaarde, maar moet de kunstenaar of zijn werk wel een duidelijke relatie met Fryslân hebben.
   c. Het gaat om werken die tot uiterlijk twee volle kalenderjaren voor de eerstvolgende inschrijving van de prijs gerealiseerd zijn. Indien het om een oeuvreprijs gaat, dan vervalt deze voorwaarde;
   d. De prijs wordt om beurten voor een recent werk of een oeuvre uitgekeerd.

2. Deelname is door inschrijving, die door de betreffende externe organisatie wordt georganiseerd.
3. De voorzitter van de adviescommissie is een kunsthistoricus.
4. Het recente werk of oeuvre wordt met behulp van de volgende beoordelingscriteria beoordeeld:
   a. Beeldend vermogen
   b. Originaliteit van het werk
   c. Vaardigheid
   d. Zeggingskracht van het werk
   e. Samenhang tussen bovengenoemde eigenschappen.

5. Een oeuvre wordt beoordeeld met behulp van de volgende beoordelingscriteria:
   a. De genoemde beoordelingscriteria onder het vierde lid;
   b. In hoeverre lange tijd op kwalitatief niveau is gewerkt;
   c. (Inter)nationale uitstraling.

6. Onder verantwoordelijkheid van het Fries Museum wordt een presentatie uit het werk van de winnende kunstenaar samengesteld. Deze presentatie wordt na de prijsuitreiking geopend.
7. De betreffende externe organisatie van de GERRIT BENNER prijs is Keunstwurk.

Artikel 15 Dichter fan Fryslân

1. Alle schrijvers en dichters kunnen tot Dichter fan Fryslân worden benoemd indien aan de volgende voorwaarden wordt voldaan:
   a. De persoon is niet eerder Dichter fan Fryslân geweest;
   b. De schrijver of dichter heeft een duidelijke relatie met Fryslân.

2. De adviescommissie baseert zijn keuze voor benoeming met behulp van de volgende beoordelingscriteria:
   a. Kwaliteit;
   b. Eigenzinnigheid en originaliteit;
   c. Meertaligheid;
   d. Performance;
   e. Diversiteit en inclusiviteit;
   f. Affiniteit met de beeldende kunsten of andere kunstvormen.

3. Na benoeming krijgt de Dichter fan Fryslân het verzoek om een offerte te schrijven. Onderdeel van de offerte is in ieder geval de jaarlijkse bijdrage van € 2.700,- en ieder jaar tenminste zes en maximaal tien Friestalige gedichten van € 265,- per stuk en ieder jaar tenminste twee en maximaal tien optredens van € 265,- per optreden als Dichter fan Fryslân. Andere activiteiten in de offerte zijn door de Dichter fan Fryslân in overleg met de provincie Fryslân vrij in te vullen, maar dragen bij aan de rol van poëtisch ambassadeur in de provincie.
4. De betreffende externe organisatie van de Dichter fan Fryslân is Afûk.

Artikel 16 Eindbepalingen

1. Over de inzendingen, voordrachten, genomineerden, de voorgedragen adviescommissie, het rapport van de adviescommissie en het besluit van Gedeputeerde Staten kan niet worden gecorrespondeerd.
2. In situaties waarin de Beleidsregel niet voorziet, besluiten Gedeputeerde Staten.
3. Dit reglement kan aangehaald worden als 'Beleidsregel provinciale prijzen en benoeming provincie Fryslân 2026'.
4. Deze Beleidsregel treedt in werking op de eerste dag na bekendmaking in het Provinciaal Blad.
5. Met ingang van dezelfde datum wordt het Reglement provinciale prijzen en benoeming provincie Fryslân 2022 ingetrokken.

Leeuwarden, 28 oktober 2026

Voorzitter, drs. A.A.M. Brok

Secretaris, drs. ing. J.J. Algra